# PARSEBERJOCHT

19 oktober 2020

## Nije searje by Fryslân DOK oer de takomst fan it plattelân

**Moat it plattelân him opnij útfine? Oeral yn ús maatskippij is ferlet fan nije perspektiven. Ek op it plattelân. It âlde ferhaal fan grutskaligens liket útwurke te wêzen en der moat in nij ferhaal komme. Mei de searje 'Beklimmers fan it flakke lân' jout Fryslân DOK alle moannen romte oan minsken en ideeën yn dy syktocht fan it plattelân.**

**Oflevering 1: Perspektyf**
Oeral yn Fryslân ûntsteane ideeën en inisjativen, fan enerzjykoöperaasjes oant pluktunen en technologyske ynnovaasjes. Tagelyk is der ek wjerstân tsjin fernijing, hielendal as dy fan bûtenôf oplein wurdt. As de libbensstyl ûnder druk set wurdt troch nije regels of troch bewegings dy't tradysjes de maat nimme, giet it plattelân foarop yn it ferset.

Yn de fernijing fan it plattelân is it dus saak om goed perspektyf te kiezen. Wêr moatte de plannen wei komme, wat is de rol fan de bewenners sels, mei hokker mentaliteit? Filosoof Hans Peter Benschop tinkt dat der in grut misbegryp is tusken plattelanners oan de iene kant en wittenskippers en bestjoerders oan de oare kant. Benschop tinkt dat in oare opstelling nei it plattelân ta folle fruchtberder wêze kin.

Op it Fries Sociaal Planburo (FSP) binne se bekend mei 'de Friese paradox': yn Fryslân leit it wolfeartsnivo leger as gemiddeld yn ús lân, mar it geloksnivo leit heger. Fan dy gedachte út wurket Marijn Molema fan it FSP oan it begryp 'brede welvaart'. Yn Fryslân soenen we better wurde moatte yn it beneamen fan ús eigen kwaliteiten en dy fierder ûntwikkelje.

Dat is presys wat se dogge yn Blije. Ynwenners lizze har net del by de kwalifikaasje 'krimpdoarp', mar wurkje mei ynmoed oan in sa goed mooglik libben yn it doarp. Ien fan de inisjativen is 'de terp fan de takomst', wêrmei't Blije it fizier rjochtet op it Waad en de rike kultuerhistoarje.

Fryslân DOK: 'Beklimmers fan it flakke lân, diel 1: Perspektyf'
Sneon 24 oktober, 15.30 oere, NPO2 (Nederlânsk ûndertitele, werhelling 25 oktober 13.10 oere)
Snein 25 oktober, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

---

**Noat foar de redaksje**
Boarnefermelding ôfbyldingen: Omrop Fryslân.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.

**PERSBERICHT**
19 oktober 2020

## Nieuwe serie bij Fryslân DOK over de toekomst van het platteland

**Moet het platteland zich opnieuw uitvinden? Overal in onze maatschappij is behoefte aan nieuwe perspectieven. Ook op het platteland. Het oude verhaal van grootschaligheid lijkt uitgewerkt te zijn en er moet een nieuw verhaal komen. Met de serie 'Beklimmers van het vlakke land' geeft Fryslân DOK maandelijks ruimte aan mensen en ideeën in die zoektocht van het platteland.**

**Aflevering 1: Perspectief**
Overal in Fryslân ontstaan ideeën en initiatieven, van energiecoöperaties tot pluktuinen en technologische innovaties. Tegelijkertijd is er ook weerstand tegen vernieuwing, helemaal als die van buitenaf wordt opgelegd. Als de levensstijl onder druk gezet wordt door nieuwe regels of door bewegingen die tradities de maat nemen, gaat het platteland voorop in het verzet.

In de vernieuwing van het platteland is het dus zaak om goed perspectief te kiezen. Waar moeten de plannen vandaan komen, wat is de rol van de bewoners zelf, met welke mentaliteit? Filosoof Hans Peter Benschop denkt dat er een groot misverstand is tussen plattelanders aan de ene kant en wetenschappers en bestuurders aan de andere kant. Benschop denkt dat een andere opstelling naar het platteland toe veel vruchtbaarder kan zijn.

Op het Fries Sociaal Planbureau (FSP) zijn ze bekend met ‘de Friese paradox': in Fryslân ligt het welvaartsniveau lager dan gemiddeld in ons land, maar het geluksniveau ligt hoger. Vanuit die gedachte werkt Marijn Molema van het FSP aan het begrip 'brede welvaart'. In Fryslân zouden we beter moeten worden in het benoemen van onze eigen kwaliteiten en die verder ontwikkelen.

Dat is precies wat ze doen in Blija. Inwoners leggen zich niet neer bij de kwalificatie 'krimpdorp', maar werken met toewijding aan een zo goed mogelijk leven in het dorp. Een van de initiatieven is ‘de terp van de toekomst', waarmee Blija het vizier richt op de Wadden en de rijke cultuurhistorie.

Fryslân DOK: ‘Beklimmers van het vlakke land, deel 1: Perspectief’
Zaterdag 24 oktober, 15.30 uur, NPO2 (Nederlands ondertiteld, herhaling 25 oktober 13.10 uur)
Zondag 25 oktober, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

---

**Noot voor de redactie**
Bronvermelding afbeeldingen: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.